

BESTJOEREN EN MEIWURK(ST)ERS**SELSKIP "FRYSLÂN" TE UTERT**

Foarsitter	Pietie Westdijk-Kaastra, Het Spoor 20, 3994 AK Houten til. 030 - 2318 224 (pcwestdijk@planet.nl)
Skriuwer en Redaksje Kritekoer	Jan Piet Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen til. 0347-320093 (j.p.bergmans@casema.nl)
Ponghâlder en lede-administraasje	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til. 030 - 6881921 (yme@fopma.eu); Bank: NL05INGB0000194027 o.n.f. Ponghâlder Krite Selskip Fryslân
Bestjoerslid en Boekferkeap	Jan Roelants, Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht til. 030 - 2010118 (jhw.roelants@online.nl)
Bestjoerslid	Harke Hofman, Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen, til. 0347-377703 (harkemarga@gmail.com)
Bestjoerslid	Richtje de Jong, Paardenbloemweide 37, 3448 TL Woerden, til. 0348- 460 590 (richtjetolsma.67@gmail.com)
Aldereinsaken	Frou J. Wielinga, Japuradreef 26, 3563 ED Utrecht, til. 030-261 7816

SELSKIP "MEI INOAR" TE SEIST

Foarsitter	fakatuere
Skriuwer/Lede-administraasje en Redaksje Kritekoer	Ida Knobbe, Pr. Bernhardstr.24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)
Ponghâlder	Nieske Schurer, Saturnuslaan 6, 3721 SG Bilthoven, til. 030-2251447 (nschurer@casema.nl); Bank: NL75INGB0003486499 o.n.f. SELSKIP MEI INOAR
Algemien Adjunkt / 2de skriuwer	Klaske van Hoeij-de Boer, Kievitstr. 11, 3443 BD Woerden, til. 0348-410039 (kvanhoeij@gmail.com)
Bestjoerslid	Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)
Sosjale Kommissje	Boukje Andringa-Brattinga, Maartensplein 65, 3738 GN Maartensdijk, til. 0346-216240 (boukjeandringa@kpnmail.nl); Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)

Foar beide Kritten

Einredaksje	Ida Knobbe-Kramer, Prins Bernhardstraat 24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)
Ferstjoeren Kritekoer	Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein til.030-6881921. Giro 37 69 436, o.n.f. Adm. Kritekoer

DE KRITEKOER

Selskip Fryslân te Utert
Selskip "Mei Inoar" te Seist

Jiergong 62 nr. 1
Jannewaris 2017
(foarmoanne)

Ynhâld fan de Kritekoer:**Selskip Fryslân**

- Fan de foarsitter
- Ferlach nijjiersjûn 07.01.2017
- Boekehoeke
- Mear oer de toanieljûn fan 10.02.2017
- Siswizen

Selskip "Mei Inoar"

- Fan de bestjoerstafel mei ferslach nijjiersjûn 14.01.2017
- 'Ta oantinken' frou Annie Roosendaal
- 'Taalbeweging', mear oer it Biltsk
- Ferhalewedstryd fan û.o. it Skriuwersboun
- "Us Wurdskat"-dl.6 en 7, fan Albert de Jong
- 'Buksprekkers'
- Reiske "De Fryslanenen" fan 13-19.5
- Fryske tsjerketsjinst op 05.03
- Jierdagen

Redaksje

- Jan Piet Bergmans
- Ida Knobbe

De kritten kinne weromsjen op moaie nijjiersjûnen. Foar dyjingen dy't doe net komme koenen, fan dit plak ôf nochris

FOLLE LOK EN SEINE

De twadde Kritekoer fan dit jier ferskynt earst sirka heal maart en dêrom yn dit nûmer de gegevens en ûtnûgingen foar trije jûnen, plus in tsjerketsjinst:

- **Freed 10 febrewaris:** in mienskiplike toanieljûn fan Krite Utert en Krite Seist mei it stik "Twafertsjinnens yn Twastriid" yn it Marcuscentrum te Utert - sjoch op side 8/9;
- **Sneon 4 maart:** In nijsgjirrige Fryske-Kritekwis yn de lytse seal fan de Noorderlichttsjerke te Seist, fersoarge troch Gerrita Otten - sjoch op side 7;
- **Snein 5 maart:** in oekumenyske tsjerketsjinst yn de Mennistetsjerke te Seist - sjoch op side 15
- **Sneon 18 maart:** In muzikale jûn yn Woonzorgcentrum 'Vecht en IJssel' Transwijk te Utert, mei 'De Troubadours út Haastrecht' - sjoch op side 7

Mooglikheden genôch foar it oanheljen fan de Fryske bannen ! Elkenien is tige wolkom.

Ida Knobbe

Slutingsdatum ynleverjen kopij: 8 maart 2017

Selskip Fryslân te Utert

- Freed 10 febrewaris 2017: Toanielgroep fan de kriten Boadegraven, Utert en Seist "Nocht en Wille" spilet har nij stik "Twafertsjinnern yn Twastriid". Mienskiplike jûn fan de kriten Utert en Seist; lokaasje Marcuscentrum, Utrecht
- *sjoch op siden 8 en 9*
- Sneon 18 maart 2017: Streekferienings Utert. In muzikale jûn mei 'De Troubadours út Haastriech'. Lokaasje Woonzorgcentrum Vecht en IJssel, Transwijk, Utrecht)
- *sjoch op side 7*
- Sneon 1 april 2017: Mienskiplike jûn Utert/Seist: kabaret troch "Noordenbos en Ko" (lokaasje Seist)

Selskip "Mei Inoar" te Seist

- Freed 10 febrewaris 2017: Toanielgroep fan de kriten Boadegraven, Utert en Seist "Nocht en Wille" spilet har nij stik "Twafertsjinnern yn Twastriid". Mienskiplike jûn fan de kriten Utert en Seist; lokaasje Marcuscentrum, Utrecht
- *sjoch op siden 8 en 9*
- Sneon 4 maart 2017: Fryske-Krite-kwis, fersoarge troch ús lid Gerrita Otten; in kwis oer Fryske taal, sport, muzyk en mear... - *sjoch op side 7*
- Snein 5 maart 2017: oekumenyske tsjerketsjinst yn de Mennistetsjerke te Seist - *sjoch op side 15*
- Sneon 1 april 2017: Mienskiplike jûn Utert/Seist: kabaret troch "Noordenbos en Ko" (lokaasje Seist)

Redaksje-adressen:

Selskip Fryslân: Jan Piet Bergmans
Adres: sjoch lêste side
Email: j.p.bergmans@casema.nl

Selskip "Mei Inoar": Ida Knobbe
Adres: sjoch lêste side
Email: iknobbe@hccnet.nl

Webstek fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl

Oer hokker provinsje falt noch mear safolle te fertellen?

In lyts bytsje âlderwetsk miskien, in printe ensyklopedy fan fjouwer dielen dy't mei-elkoar 7,5 kg weagje op dyn boekeplanke. Mar wa't fan Fryslân hâldt, begjint no net te eameljen oer wêrom't de nije Fryske ensyklopedy net digitaal útjûn is, 'Wikipedia-eftich'. Sa'n boek heart gewoan yn de kast. Op 15 septimber wie yn Ljouwert de presintaasje fan de yn Sloveenje printe 3000 eksimplaren fan € 99,50 it stik. In protte lemma's (trefwurden) lykas fierljeppen, Mata Hari of sûkerbôle waarden oernommen út de earste ferzje fan de ensyklopedy út 1958. Mar yn 'e nije ferzje kriget model Doutzen Kroes mei har foto in hiele side en stiet it fuortgean fan M.C. Escher út Ljouwert symboal foar de 'braindrain' út de provinsje. Twa-hûndert skriuwers hawwe sân jier wurke oan de 11.000 typysk Fryske lemma's. *Oer hokker provinsje falt noch mear safolle te fertellen?*



Trouw: 16.09.2016; oersetting: Siegbert de Jong, Afûk



Snein, 5 maart 2017, om 16.00 oere
Fryske oekumenyske tsjerketsjinst
yn de Mennistetsjerke te Seist,
P.van Wieldrechtlean 29.

De fêste predikant, dumny Yko van der Goot, sil dan foargean.
Oargelist: Jaap Kits, Bunnik.

Friezen en net-Friezen: fan herte wolkom !

Wy lokwinskje ûndersteande 75+-leden mei harren jierdei !

05.03: Frou S.Koning,
Seist
17.03: Frou L.Polman,
Driebergen
25.03: Dhr. S.Boersma,
Odiijk
25.03: Dhr.S.Osinga,
Bunnik



27.03: Frou B.Andringa,
Maartensdijk
27.03: Frou H.Bakker,
Maartensdijk
28.03: Frou I.Petersen,
Maarn
29.03: Frou K.Flem,
Seist

SELSKIP “MEI INOAR”



Us Wurdskat (6 en 7) - ynstjoerd fan Albert de Jong fan Krite Utert;
boarne: ‘Leargong A fan Ynstitút Fryslân)

De Fryske wurdskat (Holl.: “vocabulaire”) is by âlds gauris riker as de Hollânske. As foarbyld neam ik it Hollânske wurd “zak”. Dat kin lang net altiten oerset wurde mei “sek”.

Hjir binne (de) foarbylden:

Holl. “zak” = Fr. “sek”: bedoeld wurdt dan in jute as in yn plestik ‘neimakke-jute’ sek, bygelyks ierappelsek,

Siswize: ‘De sek opkrije’ = út tsjinst reitsje, dien krije,

De ‘arbeider’ (no: ‘meiwurker’; ommers tiden hawwe tiden) joech de boer in wize mûle, mar doe krige er de sek op.

Sekjerinne wurdt wol gauris dien op ús doarpsfeesten.

Holl. “zak” = Fr. “bûse” (yn ‘e klean),

Siswizen: ‘In stek yn ‘e bûse wêze’ = tige lyts fan stik wêze, soks wurdt sein fan persoanen.

‘Immen suver yn ‘e bûse krûpe’ = letterlik tige deun njonken immen sitten gean, mar ek figuerlik brûkt as men it oanhâldend my immen oars iens is en dat ek witte lit.

‘Dat kinst mar yn ‘e bûse stekke’ = wurdt sein as immen in wolfertsjinne snútslach kriget.

‘Jin de bûsen útskoarre fan it laitsjen’ = tige laitsje.

Holl. “zak” = Fr. “ponge”, bygelyks tsjerkeponge, knikkertspunge, jildponge.

Siswizen: ‘Ek in sint yn ‘e ponge dwaan wolle’ = ek wat mei te sizzen ha wolle.

‘De knoop op ‘e ponge hâlde’ = neat útjaan wolle, fêst oan it jild sitte.

‘De ponge net yn ‘e wyn opsmite kinne’ = net folle jild hawwe, dan is de ponge leech en licht.

‘De iene kin mear mei de ponge as de oare mei it jild’ = wurdt sein as immen sûnder jild dochs goede saken docht.

‘De ko hat de ponge om ‘e hals’ = wurdt sein as de ko der sa moai foar stiet dat sy yn de bêste kondysje is om ferkocht te wurden.

Holl. “zak” = Fr. “pûde”, papieren as plestik pûde as ien fan licht linnen, bygelyks in lean- as in moalpûdsje.

Siswize: ‘Hy koe wol in slach mei de moalpûde hân hawwe’
= hy is wat sûcheftich.

Holl. “zak” = Fr. “kladde”, ek in papieren pûde, benammen yn ‘e Súdwest- as greidhoeke en yn ‘e Wâlden.

SELSKIP FRYSLAN

Fan de foarsitter

Dan binne wy samar wer yn in nije jier belâne. De nijjiersgearkomste hawwe wy ek al wer hân; spitch dat it waar net meiwurke hat. Krekt op dy dei glêde diken; in oantal (te witten 12) hawwe ôfskille. Doe’t ik nei bûten gong, begûn it al aardich te teien en wienen de diken skjinn. Mar as men eangstich is om te riden, dan moat men it ek net dwaan! Spitch, mar it is net oars. Der wienen ek noch in pear minsken siik; ik hoopje dat elk wer opknapt is.

Mar wy hienen dochs in gesellige jûn mei-inoar, in praatsje meitsje ûnder it iten fan lekkere stampotten. It smakke ús wer bêst. Tusken troch noch moaie ferhaaltsjes, gedichten en in kwis, make troch Boatsje, en ek noch gesellich sjonge mei-inoar. Koartsein, it wie in gesellige gearkomste.

En no wer in nij jier. Ik wie wat kwyt, dat ik net fine koe. Hawar, ik haw de hiele kast útmjukse en fan alles oprimme. Dat wie ek wol wer ris nedich. Nei

2 dagen hie ik fûn, wat ik socht én wie de kast kreas oprêden. My kaam in byld foar eagen fan ús mem, dy’t altyd al betiid yn it jier begûn te himmeljen. Alles waard út de kasten helle en as de sinne der troch kaam, moast alles bûten lizze te wierjen. Wat in gedoch wie dat altyd. Ik bin wol fan it skjinn hâlden fan myn húshâldinkje, mar net sa bot as ús mem dat die! Mar no liket it der wol in bytsje op! Soe dat mei it âlder wurden te meitsjen hawwe?

Op 10 febrewaris hoopje wy inoar wer te sjen yn it Marcussintrum, dêr’t toanielklup ‘Nocht en Wille’ út Boade-graven mei it stik ‘Twaftersjinnens yn twastriid’ foar jimme spilet. Wy hoopje dat it waar dy dei meiwurket en dat wy in protte leden út Seist en Utert der sjen meie.

Foar no winskje ik betterskip foar de siken en wês foarsichtich op ‘e dyk, as it glêd is!

Groetnis fan
Pietie Westdijk-Kaasta

De nijjiersbesite 2017

(7 jannewaris 2017)

It nijjierspraatsje fan foarsitter Pietie Westdijk:

“Tige wolkom allegear. Ek út namme fan de oare bestjoersleden winskje ik jimme allegear folle lok en seine en súnens ta yn dit nije jier. Wat is súnens wichtich, men kin samar wat krije. Wat binne wy bliid dat der safolle minsken binne *). Mar wy fine it gesellich dat jimme der wol binne. Eltsenien, sa’t wy hjir sitte, wurdt âlder en soms mei wat âlderdomskwaaltsjes en oare ûngemakken. Dan falt it faaks net ta om jûns de doar út te gean en nei in krite-jûn te kommen. Mar hawar, dêr sille wy it fierder net oer hawwe, wy meitsje

der in gesellige jûn fan.

Ek tige wolkom oan Auke van der Merk, dy’t op de piano spylje sil. Daliks kinne wy ek noch meisjonge mei Fryske ferskes. Ik draach no in gedicht “Krysttiid, Ald en Nij” foar fan Hâns Dijk. Ik ha him frege oft it goed is om dit foar jim te dwaan.

Yn it ôfrûne jier binne der 4 leden ferstoarn: Hessie Westra (ferstoarn op 15 jannewaris 2016), de hear J. Hoeksma (ferstoarn yn jannewaris 2016, mear is net bekend), frou Burggraaf-van der Pol (ferstoarn op 10 maart 2016) en Frijkje Ritsma-van Winden (ferstoarn 13 maaie 2016; se wie sûnt 2012 widdo fan de toanielspi-



Bûksprekkers (NL: praatjesmakers)

De fotograaf freget oan Daan hoe âld er is. “Fjouwer”, antwurdet Daan grutsk. Op de fraach fan de fotograaf wannear’t hy fiif wurdt, seit Daan: “op myn jierdei”!

ler Rintje Ritsma). Sille wy harren en oare kunde/freonen/famyljeleden mei in eagenblik stilte betinke, sa mooglik steand?"

Nei it gedicht 'Ljocht' fan Jildou Elgersma en it mei elkoar sjongen fan it Frysk folksliet, winsket Pietie ús smaaklik iten en in noflike jûn.

Doe wie it tiid foar it waarm iten. Dit wie wer dik ynoarder: mei kerrysop, stampôbuffet (3 soarten mei bypassend fleis) en in neigesetsje. It personeel fan de Bijkershoek wurdt betanke foar harren wurk mei in bosk blommen. Ek Boatsje wurdt betanke foar it skilderij dat op de tastjoerde nijerskaart stie.

Doe ha wy mei bydragen fan de leden de jûn fierder folle:

- Boatsje hie in kwis makke: Op papier in reisje troch Fryslân mei net-besteande plaknammen. De oplossing fan it goede Fryske plak moast fûn wurde troch de tsjinstelling fan it beskreaune net-besteande plak.
- Harke mei it gedicht 'It karke (fan bakker Harke)' fan Diet Huber

- 3 ferskes sjonge mei oan de piano Auke van der Merk
- Jan Piet mei it ferhaal 'No mem?' fan Hylkje Goïnga,
- Richtje mei "In Fryske nijjiers-winsk" en it ferhaal "Leafde yn tiden fan kwark" fan Rients Gratama
- Fryske ferskes sjonge
- Jan Roelants mei it gedicht 'Abe Sjikop' fan Diet Huber en de oantinkens oan syn skoaltiid yn Stiens.
- Pietie mei it gedicht "Alderein niks mear wurdich, hoesa?"

Nei it sluten fan de jûn troch Pietie, gong frou Douma stean: "Ik wol - ik tink ek út namme fan alle oaren - it bestjoer tanksizze foar dizze moaie earste kritejûn yn 2017".

Jan Piet

*) Der hienen harren 42 leden oanmeld (hast de helte fan ús leden). Der binne spiti-gernôch mar 28 persoanen kommen, 2 hawwe ôfsein troch sykte, de oaren omdat se bang wienen foar glêde diken.

Krysttiid, Ald en Nij

As de glâns fan 't goud ferblikt
En sinneljocht yn 't tsjuster stikt
Ast platslein bist troch it fertriet
Jout de Kryst ús noch in liet

Ek al stiet de wrâld yn brân
't Berntsje rikt nei ús de hân
Efkes sjogge wy wer ljocht
Yn in tiid dy 't ûnrjocht brocht

Krysttiid en dan Ald en Nij
Bringt ús efkes tichteby
By ússels en by elkoar
Efkes klinkt it Ingelkoar

Hoopje op in nije tiid,
Sûnder oarloch, Sûnder striid,
Want it kostet dochs gjin sint
As de frede echt oerwint.

(Hâns Dijk)

Alderein niks mear wurdich, hoesa?

Wy binne in skat wurdich
Wy hawwe sulver yn ús hier
en goud yn ús toskan
Gas yn ús terms,
stiennen yn ús nieren,
Lead yn ús skuon,
kalk yn ús neils,
Stiel yn ús heupen,
plestik yn 'e knibbels,
Fol mei djoere medisinen
lykje wy wol op goudminen.

In mins mei safolle mineralen
kin wol it jier 3000 helje.
Dêrom geane wy fier troch it libben,
Nimme de kritek op as in spûns.
Want troch boppeneamde rykdom
Driuwet de ekonomy op ús!

dialekt? Taalkundigen Eric Hoekstra en Marc van Oostendorp binne it der net oer iens.

Neffens Hoekstra-en-dy is de ûntdekking geunstich foar it Biltsk. De gemeente It Bilt wol graach dat it Biltsk offisjele erkenning as minderheidstaal kriget, krekt lykas it Frysk, Limburchsk en Nedersaksysk. Dat kin net, as in taal beskôge wurdt as in dialekt fan in oare taal. Mei it Biltsk wie dat altyd sa,



mar neffens Hoekstra hat it nije ûndersyk it probleem weinommen. Taalkundige Marc van Oostendorp is it dêr net mei iens. Hy freget him ôf oft taalkundige arguminten foar de polityk wol in rol spylje en as dat al sa is, dan makket it nije ûndersyk it der net better op, sa skriuwt er op Neerlandistiek.nl, want "nu is het Bildts onmiskenbaar een Zuid-Hollands dialect en onmiskenbaar een Fries dialect, dus een dialect van twee officiële landstalen."

Boarne: itnijs.frl

Utdaging foar de skriuwers ûnder ús leden !



Foar de fiifde kear fynt de jierlikse Fryske ferhalewedstryd fan it Skriuwersboun, it Friesch Dagblad en it Cedin plak, mei sawol in edysje foar junioaren as âlderen. De wedstriid hat ditkear as tema: *Gjin styl?! De uterste ynleverdatum foar de ferhalen is 15 maart.*

Fan de ynstjoerders wurdt ferwachte dat se in ferhaal skriuwe fan maksi-maal 775 wurden. De ferhalen moatte oanlevere wurde yn Word. De talen dêr't de bydragen yn skreaun wurde meie, binne de streek-talen fan Fryslân, dat wol sizze neist Frysk bygelyks ek it Biltsk, Stellingwerfsk, Skiermûntseagersk of it Snekers. It stik, dat begjinne moat mei namme, bertedatum, emailadres en telefoannûmer fan de ynstjoerder, kin maild wurde nei bestjoer@skriuwersboun.nl, û.f.f. Ferhalewedstriid, en wurdt dan anonym trochstjoerd nei in betûfte sjuery.

It ûnderwerp *Gjin styl?! hat te krijen mei it feit dat hûndert jier ferlyn de Nederlânske keunstbeweging 'De Stijl' oprjochte is. De ynfolling fan it tema is lykwols folslein frij; it ferhaal hoecht dus net oer dizze ferneamde keunstbeweging te gean.*

By de helpdeske fan it Skriuwersboun (ferhalewedstryd@skriuwersboun.nl) kin men in oantal skriuwtips opfreegje. De bêste trije ferhalen fan beide skiften, de junior- en seniorwinners (boppe de 18 jier), wurde beleanne mei in jildpriis en publisearre yn it Friesch Dagblad. Ut de beide winners fan de twa kategoryen kiest de sjuery boppedat it bêste ferhaal. Dat ferhaal wurdt neist de jildpriis, hono-rearre mei in yllustraasje, makke troch in byldzjend keunstner. Op tiisdei 9 maaie fan 16.00 oere ôf sille de prizen útrikt wurde yn Museum Drachten.

De meidoggers fan ús krite krije fansels IEUWIGE ROM !

SELSKIP "MEI INOAR"

Ta oantinken oan Annie Roosendaal-Jorritsma

Annie is hikke en tein yn Parregea op 27 novimber 1930 en stoarn yn Bilthoven op 2 jannewaris 2017.

Ik haw Annie kennen leard doe't se yn 'e Beatrixleane wenne efter de Opstandingsjerke. Ut myn hûs wei, doe't ik op de Steenen Camer wenne, koe ik har sjen en bin dan ek gauris by har oankommen.

Annie is as famke mei har freoninne nei it westen tein om by foarname minsken te wurkjen. Dêr hat sy har man kennen leard en sy hawwe harren nei wenjen set yn Westbroek. Dêr binne ek de 5 bern berne en nei skoalle gien. Letter binne se nei Bilthoven ferhuze.

Annie mocht graach mei nei de útfieringen fan de Fryske Krite en hat oant har ferstjerren lid west fan "Mei Inoar". De lêste jierren gie dat net mear doe't sy te wenjen kaam yn "De Bremhorst". Ik mocht har dêr ek gauris opsykje en sy bleau altyd tige fleurich. Dêr is hja rêstich ferstoarn mei de wurden "As it op is, is it dien".

Mei in moaie útfeart yn de Opstandingsjerke is hja op 9 jannewaris dêr te hôf brocht by har man Beb. Ik haw ôfskie nommen fan in tige fleurige frou dy't it net altyd maklik hân hat. Ik winskje har bern en famylje krêft mei dit ferlies.

Boukje Andringa-Brattinga

TAALBEWEGING !

It Biltsk is in Hollânsk dialekt yn Fryslân, meinaam troch Súd-Hollânske arbeiders dy't yn de 16e ieu it Bilt ynpoledere hawwe. Dat wie oant no ta de opfetting fan de measte taalkundigen. Nij ûndersyk hat sjen litten dat it oars sit.

Eric Hoekstra en Hans van de Velde fan de Fryske Akademy en Paulus van Sluis fan de universiteit fan Wales hawwe sawol de Biltske taal as de skiednis fan it Bilt bestudearre. Se komme ta de konklúzje dat it Biltsk oan 'e iene kant ferfryske is trochdat de measte Bilkerts it Frysk ek faak praten, wylst oan 'e oare kant der in protte Friezen nei it Bilt ferhuze binne. Dy

hawwe it Biltsk oanleard, mar krekt net hielendal goed.

Ut it ynterferinsje-Biltsk fan de Hollânske Bilkerts en it Fryskige Biltsk fan 'e Fryske Bilkerts is in mingfoarm ûnstien, it Biltsk fan no.

De Fryske ynfloed is amper yn de Biltske wurdskat te sjen. Dy komt foar it oergrutte diel út it Súd-Hollânsk. Yn de grammatika binne wol dúdlike Fryske spoaren te sjen. It ûndersyk is benammen wichtich foar Biltske taalbewegers. De gemeente It Bilt hat it Ryk nammentlik frege om it Biltsk as minderheidstaal te erkennen. Dat kin allinne, as it net in Nederlânsk of Frysk dialekt is.

Is it no goed of min foar it Biltsk dat it net langer besjoen wurdt as in Hollânsk

SELSKIP FRYSLAN

BOEKEHOEKE

It Frysk Boun om Utens hat noch in hiel soad moaie boeken op foarried, dy't faaks net iens mear te

besetten binne yn de AFUK-winkel. Der binne boeken, DVD's, CD's en lústerboeken te krijen. In soad produkten kinne wy oanbiede mei in moaie koarting, sa kinne jo in moaie slach slaan en keapje in moai presintsje. Wy kinne net alle boeken meinimme. Dat hawwe jo in spesifyk boek (of DVD) dy't jo graach besjen wolle op de kritejûn, stjoer ús dan in mailsje mei dat fersyk; dit om teloarstellingen foar te kommen. Bestellen of reservearjen fan in produkt kin fia de mail op fryskeboeketafel@gmail.com.

Omtinken foar Fryske boeken yn Frankfurt op de beurs

Yn oktober fûn de jierlikse Frankfurter Buchmesse plak. Dit jier wie der in stand mei Fryske boeken. De boeken dy't hjir nei foaren brocht binne, binne:

1. Einum - Froom Akker
2. De triennen fan Cheetah - Anna Feddema
3. Piksjitten op Snyp - Josse de Haan
4. De achttjin - Aggie van der Meer
5. Tin iis - Tiny Mulder
6. Rêdbâd, Kronyk fan in Kening - Willem Schoorstra
7. De treastfûgel - Hylke Speerstra
8. Stofsûgersjongers - Tsead Bruinja
9. Sweltsjes fan Gaast - Theunis Piersma
10. Salsafamke - Hanneke de Jong

Ernst Bruinsma fan útjouwerij AFUK hope yn Dútslân syn netwurk útwreid-

zje te kinnen. "Wy hawwe in soad goeie boeken dy't wy graach in grutter publyk jaan wolle en dêrom hawwe wy nei Frankfurt west. It wie net myn stribjen om fuort mei in kontrakt nei hûs te gean, mar ik hoopje al dat ynternasjonele útjouwerijen nijsgjirrich wurden binne nei ús boeken."

Skriuwers Tsead Bruinja, Willem Schoorstra, Anne Feddema en Eeltsje Hettinga wienen op 'e boekebeurs om harren wurk op ferskate wizen oan in grut publyk sjen te litten, yn guon gefallen yn in Dútske of Ingelske oersetting.

Nije boeken

Durk van der Ploeg is yn septimber 86 jier âld wurden, mar hy hat al wer in nij boek útjûn. It hat as titel krigen '**De lêste flood**'. Yn 1969 wurdt de Lauwerssee ôfsletten fan it Waad. Dit hat foar de húshâlding fan Tsjerk Vogel, dy't dêr al jierren buorket en ploeteret mei it winnen fan lân, dramatyske gefolgen. Heit wol dat Tunnes, de âldste soan, de buorkerij oernimt. Dy sjocht der gjin heil yn as de see-yndam ôfsletten driget te wurden, wat lânwinning ûnmooglik makket.

Hy kriget slim rûzje mei syn heit, en giet mei de Willem Barendsz nei de Súdlike Iissee foar de walfiskfangst. Dêr ferdwynt Tunnes op mysterieuze wize fan it skip. Arjen, de jongste soan rint, foar syn stúdzje, staaazje by de ôfsluting fan de Lauwerssee en rekket by heit yn it ferdomboekje. As heit, jierren letter, yn 'e bernskens komt en help nedich hat, wurdt er in wike of wat troch de jongste soan fersoarge. In ûnderfining dy't Arjen mei leafde, tage-

dienens, mar ek mei ûnbegryp, ûndergiet. Priis: € 19,50. De earste printinge is al hast útferkocht.

Nij is ek it boek **'Tsiën fan Hylkje'**. Hylkje Goïnga (1930-2001) is as skriuwster foaral bekend wurden troch har koarte ferhalen. Tusken 1971 en 1993 publisearre se seis bondels. In grut part fan de ferhalen skreau se foar it moanneblêd De Strikel en De Leeuwarder Courant. Blêden as Opzij en Margriet namen ek wurk fan har op. Yn de wrâld fan de koarte ferhalen is Hylkje Goïnga in opfallende ienling. Se wurdt wolris fergelike mei de Ingelske skriuwer Roald Dahl. Krekt as Dahl hat se der aardichheid oan om it ûnwierskynlike as deagewoan foar te stellen. De lêzer wurdt geregeld op 'e ferkearde foet set omdat de ferhalen oan de ein faak in hiel ûnferwachte, soms absurde draai meitsje. De flot fertelde brike setten fan de útsûnderlike húsfrou Martha ha anno 2016 noch neat oan aktualiteit ferlern. Yn dizze bondel steane tsien ferhalen dy't karakteristyk binne foar it wurk fan Hylkje Goïnga: koart om 'e hoeke, humoristysk en bysûnder. Priis: € 7,50.

Op de mienskiplike jûnen fan Utert en Seist op 10 febrewaris en 1 april sil ik der mei in moaie samling artikels wêze. Jo kinne allinnich mei kontant jild ôf rekkenje, dus gean foarôf efkes by in pinautomaat del as jo allinnich in pas by jo hawwe.

Jan Roelants

De toanieljûn op 10 febrewaris 2017

Op freed 10 febrewaris wurdt it programma fersoarge troch de toanielploech fan de krite Boadegraven, krite Utert en krite Seist. De rolferdieling en sa is opnaam op de middenside. It is in bytsje ús eigen toanielploech, want leden fan sawol Utert as Seist dogge mei oan dit stik.

Klam wurdt lein op it feit dat it in mienskiplike jûn is fan de krite Seist en Utert. It ledetal rint werom by beide krite. Om in sealfol folk te krijen wurdt dit toanielstik mar ien kear yn de regio Utert spile.

De útfiering sil wêze yn it Marcusentrum, in bekende lokaasje foar sawol de leden fan Seist as Utert.

De titel is: *“Twaferstjinnern yn Twastriid”*.

- Sjoch de middenside ←

SISWIZEN!

Ien skierroek makket noch gjin winter
Letterlijk: Eén bonte kraai maakt nog geen winter.

Uit een enkel negatief feit mag men nog geen algemene sombere conclusies trekken.

Hawwen is hawwen en krije is de keunst
Letterlijk: Hebben is hebben en krijgen is de kunst.

Gelukkig is diegene die (wat) heeft, want het is soms moeilijk om (wat) te krijgen.

Dy't útpakke wol, moat earst in pak hawwe dêr't wat yn sit

Letterlijk: Wie wil uitpakken, moet eerst een pak hebben waar wat in zit.

Wie iemand stevig wil aanpakken, moet zeker zijn van zijn zaak.

It buffet dat levere wie troch Landwaart út Maartensdijk wie treflik. Hearlike griente, byfstek, hin yn mylde sesamsaus, japanske noodles, japanske rys mei fan alles der yn, trije soarten raukost, 2 soarten neigesetsjes, tiramisu en sukelarje-mousse. Ien lid hie om in feganistysk menu frege (alles plantaardich) en fûn it hearlik. Alles is skjin opgongen, mei in grut kompliment oan Landwaart en dêrby al it fersyk om it takom jier wer by him te bestellen.

Om in kertier foar achten hie elkenien it kopje kofje of tee op, kabaretier Ruurd hie alles opboud en de foarstelling koe begjinne. Mei in grutte glim sprong hy fan achter in prachtich dekôr tefoarskyn en beluts daliks it publyk by syn iepening: “Wat soenen jo wolle, dat jo net doare”, mei û.o. de reaksjes: bungyjumpe, djipseedûke, in moaie frou tûtsje Hy hie eartiids neat te wolle fertelde hy. “Wol sit op it skiep!” sei mem. Wiidweidich gong hy yn op Ljouwert, Kulturele Haadsted yn 2018, de reade tried troch syn program. Wat wolle wy de minsken sjen litten. Betink it mar ris, wat fine wy de muoite wurdich as Friezen om de bûtenlanners sjen te litten. Dat sil noch in hiele poepetoer wurde, der sil in soad ‘google’ wurde moatten op ynternet. (Ruurd: ‘google’ is in oarspronklik Frysk wurd en komt fan ‘gûchelje’) 😊

Ruurd kin hiel wat. Hy fertelt, skriuwt syn eigen lieten, spilet piano, spilet akkordeon. Om de ynhâld fan syn show yn in pear rigeltsjes te fetsjen, is ûnmooglik. Dêrom op dit plak in útspraak fan ien fan ús gasten: *Ruud is in wier keunstner.*

Hjirûnder it earste en lêste kûplet fan syn slotliet:



*Wy wienen út yn dit hûs, mar wy wienen hjir ek thús
Mei ûnbekenden om ús hinnen en minsken dy't ús kinne*

*Mei lju dy't ús soms benearje
Mar ek oprjocht nei ús ynformearje
En dat bynt ús en ferbynt ús, yn wa't wy binne foar elkoar.*

*Jou romte oan dysels, en asjebleaf ek oan de oar
dan krije wy mei syn allen hiel wat foar elkoar.
Al fielt it frjemd, it wurdt fertroud
ast op elkoar ôfstimst is it noait fout
Want dat bynt ús en ferbynt ús, yn wa't wy binne foar elkoar.*

SELSKIP "MEI INOAR"

Oprjochte op 20 desimber 1928.

It ferieningsjier rint fan 01-09 oant en mei 31-08. Opsizzing foar 01-08.

Kosten lidmaatskip: € 15,= de man; foar bankgegevens: sjoch lêste side.

Fan de bestjoerstafel:

Hjir in stikje fan de nije foarsitter??

Nee, spitigernôch is it noch net slagge om it lege plak beset te krijen.

We kinne weromsjen op in tige noflike nijjersjûn. De dagen derfoar wienen de waarberjochten net sa goed, de temperatueren soenen omleech, snie waard ferwachte, glêde diken, it wie om der senuweftich fan te wurden. Want alle tariedingen wienen fansels wol dien: it iten wie besteld, de seal wie reservearre, Ruurd Walinga út Ljouwert wie besteld, ensfh.

Wat in gelok dat it dy sneons helder waar wie, gjin griltsje oan 'e loft. It wie wol kâld, mar dat hoegde gjin oarsaak te wêzen om thús te bliuwen. De grypweach gong ek oan Seist foarby en dat betsjutte dat elkenien dy't him/har opjûn hie, ek kommen is. Om healwei seizen hearde men al in gesellich praten, pianoklanken en it sjongen fan Fryske lieten.

Om seis oere hinne koe it startskot jûn wurde mei in nijjerspraatsje fan dei-foarsitter Ida Knobbe. Ut namme fan it bestjoer waard elkenien wolkom hjitten: leden, eareleden, Jan Piet Bergmans fan Krite Utert en Ruurd Walinga. It nijs dat ferklappt wurde mocht dat Boukje en Ben sûnt 1 jannewaris ferloofd binne levere in spontaan applaus op. Mar der wie ek it earste drôvige nijs yn it nije jier, te witten dat op 2 jannewaris ús lid Antje Roosendaal-Jorritsma út Bilthoven ferstoarn is yn de âldens fan 87 jier. Wy hawwe har mei in momint stilte betocht.

Nij op dizze jûn wienen ek de pianoklanken. Joke, in piano-freondinne fan Ida, hat de lieten út ús sjongboekje ynstudearre en der wie gelegenheid om in oantal derfan te sjongen. Dat wie hiel gesellich en it plan is om soks yn de takomst faker te dwaan.

Nei in toast op it nije jier en it sjongen fan ús folksliet, koe Ida har nijjerspraatsje besluten mei it ûndersteande moaie gedicht en in 'smaaklik iten':

Nijjier

Tiid fan foarhinne, tiid fan hjoed de dei,

De tiid dy't foar ús leit, dy siket har in wei.

It is in reizgjen troch de tiid, al geande oer de libbenswei.

Wy litte in protte lizze, mar nimme ek hiel wat mei.

Tiid en takomst leit iepen, foar elts in nij begjin.

En hâldt dysels foar eagen: it libben hat doel, hat sin.

Gean steefêst de tiid temjitte, jou dy net allinne op 'n paad.

As mins ûnder de minsken, dan wint de sinne it fan it skaad.

**SELSKIP 'MEI INOAR' TE SEIST**

nûget elkenien út foar in noflike
Fryske-Krite-Kwis
ûnder de entûsjaste lieding fan Gerrita Otten.
"Wat witte we noch allegear fan Fryslân"!

Sy hat al ris by ús west en ek yn Utert, Hurderwyk en Hilversum mei grut sukses! Gerrita hat wer in nije kwis makke, in kwis oer Fryske taal, sport, muzyk en mear...

Der binne spulomlopen mei fragen, mei plaatsjes en mei lûdsfragminten. De teams besteane út trije of fjouwer persoanen. It lot bepaalt mei wa't jo spylje. It team dat de measte fragen goed beäntwurdet, wint de priis en Fryskere rom! Kom nei dizze kwis-jûn fol útdaging en geselligens.

Datum: Sneon 4 maart 2017, 20.00 oere (doarren iepen om 19.30 oere)

Plak: Noorderlichttsjerke (*lytse seal*), Bergweg 92B, Seist.

Ynlis: € 5,00 ynkl. in kopje kofje/tee mei koeke.



De mienskiplike streekferienings 'Vereniging Drenthe',
'Groningen en Ommelanden' en 'Selskip Fryslân'
nûgje jimme út foar in fleurige jûn mei
'De Troubadours út Haastrecht'
mei nostalgyske sang en muzyk.

Programma:

19.30 oere: Nei it sjongen fan de 3 provinsjale folkslieten, it optreden fan De Troubadours.

20.30 oere: Healoere skoft en ferkeap fan lotten: 1 slúfke € 5,00 (altdy priis, guon slúfkes ha in ekstra priis)

21.00 oere: Ferfolch optreden fan De Troubadours

22.00 oere: Sluten; Prizen ferlotting ôfhelje (net sels pakke)

Datum: Sneon 18 maart 2017, 19.30 oere (seal iepen om 19.00 oere)

Plak: Woon-zorgcentrum 'Vecht en IJssel' Transwijk,
Hof van Transwijk 16, Utrecht

Ynlis: € 6,00 (kofje/tee mei koeke fergees)



SELSKIP FRYSLAN EN SELSKIP MEI INOAR

Beide kriteren nûgje jimme út foar in noflike toanieljûn mei

“TWAFERTSJINNERS yn TWASTRIID”

In blijspul yn trije bedriuwen fan Gerrit Meter

troch de toanielploech fan de krite Boadegraven, Utert en Seist
‘NOCHT EN WILLE’



* FERLOTING * BOEKEN *

De ynhâld yn it koart:

In man en in frou binne beide drok mei harren wurk, en komme net mear oan harrensels en elkoar ta. De hiele dei hinne en wer fleane, de frou as advokaat en de man as hanneler yn fytsen en fytsûnderdielen. Jild genôch, mar drok, drok en nochrisk drok. De húshâlding rint finaal yn ûnstjoer en jûns binne beide deawurch. Se hawwe gjin enerzjy mear om it iten klear te meitsjen. Sterker noch, se binne te wurch om de telefoan op te nimmen!

Freondinne Anneke sil helpe. No komt alles goed. Of net?

Rolferdieling:

Germ Bokma, fertsjintwurdiger yn fytsen)

– Siebren Miedema

Lysbet Bekkema, abbekaats en freondinne fan Germ

– Lysbeth Zeinstra

Bouke Bangma, plysje

– Sybren Westra

Anneke de Boer, skriuwster

– Klaske van Hoeij

Tiny, help yn de húshâlding

– Pietie Westdijk

Harm, buorman

– Hâns Dijk

Rezjy : Antje Hooijenga

Ynstekster : Thea Miedema

* FERLOTING * BOEKEN *

Datum:	FREED 10 febrewaris 2017
Plak:	Marcuscentrum, Wijnesteinlaan 2, Utrecht
Hoe let:	20.00 oere (seal iepen 19.15 oere)
Ynlis:	kriteleden € 10,00; net-leden € 12,50